

Provinsjale Steaten
van de Provinsje Fryslân
FNP, C. de Jong
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 24 septimber 2019
Ferstjoerd, **- 2 OKT, 2019**

Ús merkteken : 01695943
Ôfd/Opjefte : Omjouwingsaken
Opsteld troch : E.G. Buurstra / (058) 292 56 53 of e.g.buurstra@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer 'provincie wil geld terug van kerk'

Achte mevrouw De Jong,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 29 augustus 2019, beäntwurdzje wy as neikomt.

Jo ynlieding:

De Ljouwerter krante (21, 22, 24 en 28 augustus 2019) berjochtet wiidweidich oer ûndúdlikheden rûnom it projekt mei provinsjale subsydzje foar de werbestimming fan de Adelaartsjerke yn Ljouwert. It lêste berjocht is no 'Provincie wil geld kerk terug'. Dit ropt de nedige fragen op oer de behearsking fan ynformaasje oer subsydzje-oanfragen troch de Provinsje.

Fraach 1:

Foar hokker wurksumheden krekt is yn 2016 in provinsjaal subsydzje útkeard oan de projektûntwikkelder S&L yn ferbân mei de werbestimming fan de Adelaartsjerke? Binne dizze wurksumheden ek oantoanber útfierd?

Antwurd fraach 1:

Op grûn fan de Subsydzjeregeling Wurkje foar Fryslân, paragraaf 6.2 Herbestemmingsregeling bestaande panden (hjinnei: de regeling) is ûnder útstellend betingst in subsydzje ferliend fan op syn meast € 175.650,41 ynkl. BTW foar it ferbouwen fan de besteande romte ta 15 wenienheden foar bysûndere doelgroepen, te witten 24-oeren soarch of wenjen mei begelieding. Nei it definityf wurden fan de ferliende omjouwingsfergunning is de útstellende betingst ferfallen en is op grûn fan de regeling 80% op it ferliende subsydzje troch DS as foarskot útbetelle. De subsydzjeûntfanger moat binnen 2 jier nei it begjin fan it wurk it projekt neffens de subsydzjebesikking klear hawwe en dêr (finansjele) ferantwurding

oer ôflizze by de fêststelling fan it projekt. Yn dit gefal is dat uterlik op 30 septimber 2019. It wurk is noch net útfierd.

Fraach 2:

As de wurksumheden net útfierd binne (fan in werbestimming is op dit stuit yn 2019 yn elts gefal noch gjin sprake), hoe kin it dat de Provinsje dêr pas folle letter fan op de hichte wie? Wannear wie dat krekt?

Antwurd fraach 2:

De provinsje wie derfan op 'e hichte dat it projekt noch net útfierd is/wie. Yn de rintiid fan dit projekt hawwe der ferskate amtlike oerlizzen west tusken de provinsje, de subsydzjeûntfanger en de útfierende tredde partij, dy't op in stuit it projekt oernommen hat. Ek nei it oernimmen bliek der noch genôch garânsje te wêzen dat it projekt, dêr't de provinsje it subsydzje foar ferliend hie, noch realisearre wurde soe.

Op 29 septimber 2017 is úteinlik feitlik mei de bou útein set. Yn juny 2018 is oan de provinsje meidiel dat it projekt yn wike 6 fan 2019 klear wêze soe. Dêrnei is op 1 novimber 2018 noch meidiel dat it projekt ein febrewaris 2019 of begjin maart 2019 oplevere wurde soe. Úteinlik is yn febrewaris 2019 it berjocht kommen dat der in nije bouwer foar it projekt socht waard en is yn maaie 2019 om útstel foar it projekt frege. Dêrop is troch ús noch gjin beslút nommen.

Fraach 3:

Wannear hat de Provinsje besletten op it jild werom te foarderjen? Wêrom wurdt it jild weromfoardere?

Antwurd fraach 3:

Sjoch fraach 2. Dat beslút is noch net nommen.

Fraach 4:

Hoe kin it dat de Provinsje 'meardere dagen' (LC 28 aug 2019) nedich wie om út te finen wat de status fan de subsydzjeoanfraach foar de Adelaartsjerke is?

Antwurd fraach 4:

Op 20 augustus 2019 is de ynformaasje opfrege. Op 21 augustus 2019 wie der binnen de tsjinst ynformaasje beskikber, dy't mei de LC diel wurde koe. Troch de fakânsjeperiode fan ferskate oanbelangjenden is de ynformaasje nei alle gedachten letter beskikber kommen.

Fraach 5:

Hoe leit de Provinsje krekt yn it subsydzjeregister (bedriuwsfiering) fêst dat in objekt of projekt dêr't subsydzje foar ferstrekt is trochferkocht wurdt oan in oare eigener? Idem dat it jild oermakke is of weromfoardere?

Antwurd fraach 5:

It trochferkeapjen fan it subsidiearre projekt is yn it subsydzjesaakdossier registrearre, en ek alle troch DS nommen besluten yn dy saak.

Yn it iepenbier subsydzjeregister wurdt inkeld melding makke fan de namme fan de subsydzje-oanfreger/ûntfanger, de namme fan it projekt, it foar it projekt of de aktiviteit ferliende subsydzjebedrach en de wetlike grûnslach foar de subsidiearring.

Fraach 6:

Wa is binnen it Provinsjehûs ferantwurdlik foar it byhâlden fan sokke ynformaasje? De subsydzje-ôfdieling of de beliedsynhâldlike amtner of projektlieder?

Antwurd fraach 6:

Alle ynformaasje dy't mei in subsydzje te krijen hat, wurdt troch de ôfdieling Subsydzjesaken registrearre. De ôfdieling draacht dêr ferantwurdlikens foar.

Fraach 7:

Hoefolle projekten / subsydzje-oanfragen binne der noch mear dêr't binnen it Provinsjehûs net daliks fan bekend is oft it jild weromfoardere wurde moat? Graach in oersjoch.

Antwurd fraach 7:

It giet oer 962 takende mar noch net fêststelde subsydzjes. Mei in fersyk foar in wiziging troch de oanfreger, mei tuskentiidske rapporten, mei in fersyk om fêststelling of it ferrinnen fan 'e formele fêststellingsperioade, wurdt it dúdlik oft jild werombetelle wurde moat. Foar alle projekten hat de subsydzje-ûntfanger de ferplichting om ús fuortendaliks op 'e hichte te bringen fan wizigings yn it projekt.

Al dizze projekten fan net-natuerlike persoanen wurde neamd yn it iepenbier subsydzjeregister (https://www.fryslan.frl/subsidies/achtergrondinformatie-over-subsidiezaken_3508/).

Fraach 8:

Hifkje jo standert by elts projekt om te sjen oft oan de betingsten foldien is? Op hokker stuit fynt soks plak? As evaluaasje efterôf of ek geandewei it projekt?

Antwurd fraach 8:

Dat is ôfhinklik fan de hichte fan it ferliende subsydzje. Neffens it troch Provinsjale Steaten fêststelde subsydzjebelied wurdt by alle subsydzjes fan € 25.000,- ôf altyd kontrolearre oft oan de subsydzjeferliening (en de dêryn stelde betingsten) foldien is. Standert is der kontrôle yn de fêststellingsfaze, wêryn't (finansjele) ferantwurdling troch de subsydzje-ûntfanger ôflein wurde moat. Yn de realisaasjefaze fan in projekt wurdt yn in tal gefallen ek kontrolearre troch tuskenrapportaazjes op te freegjen en projektbesiten ôf te lizzen. Ek by in subsydzjeferliening fan minder as € 25.000,- kin kontrolearre wurde, en dat bart ek geregeld.

Fraach 9:

Op hokker punten tinke jo, mei nei oanlieding fan dizze kasus, moat it ynformaasjesysteem oer de status fan subsydzje-oanfragen ferbettere wurde? Wat hawwe jo al dien om dit te bewurkmasterjen?

Antwurd fraach 9:

Dit gefal giet om in op himsels steand gehiel. In inkeld gefal binnen dy spesifike regeling jout ús gjin oanlieding om it ynformaasjesysteem te ferbetterjen. Alle ynformaasje dy't mei dizze saak te krijen hat is registrearre.

Fraach 10:

Hawwe jo de Steaten earder ynformearre oer de Adelaartsjerke? Graach jo útlis. En as der (folle) mear gelyksoartige gefallen binne wolle jo dan de Steaten noch dit jier ynformearje wat jo dien hawwe om de ynterne systemen oan te skerpjen?

Antwurd fraach 10:

Der hat gjin oanlieding west om Provinsjale Steaten te ynformearjen. Deputearre Steaten hawwe it foech subsydzjeregelings fêst te stellen, wêryn't regele wurdt foar hokker aktiviteiten en ûnder hokker betingsten subsydzje beskikber steld wurde kin.

It foech om subsydzjes te jaan en dêroer neiere regels fêst te stellen hawwe Provinsjale Steaten oan Deputearre Steaten oerdroegen (delegearre).

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris

foar dizze, de loko-provinsjesekretaris

